

# Anne Wadman wit hieltyd wer wifelriedigens stal te jaan



Foto Jaap Spieker

Der is wer in boek út fan Anne Wadman: in werprintinge fan 'De oerwinning fan Bjinse Houtma'. De skriuwer hat it neffens de tekst op 'e efterflap op 'e nij besjoen, mei oan de han fan de Hollânske oersetting út 1965.

kwestjes as skuld en boete, trou en foaral ûntrou, de iensumens en de dea. De opbou fan it ferhaal is, alteast wat begjin, midden en ein oanbelanget, folslein symmetrysk: it begjint mei iensumheid en de dea (fan it earste bern) en it einicht der ek mei (wa't dan de dea fynt, moat de lêzer sels mar fernimme).

ek wer de wifelriedigens fan de haadpersoan, dy't opfakt. Hy hat nammentlik in frijwat autoritaire heit, dy't (yn de polityk) wit wat er wol. De soan docht ek oan polityk, mar hâldt dochs it karakter fan in twifelder, in skeptikus. It betsjut syn ûndergong.

## 'To be or not to be'

Wadman komt sa nei foaren as in man, dy't net oars kin of wol as wifelriedige minsken delsette (foaral de manlju binne dat yn syn boeken, de froulje minder). Minsken dy't oantangele sitte mei harren skepsis en 'dêrom' boetsje moatte.

Sa kriget men in byld fan Wadman as in yntellektueel, dy't allinne foar de skepsis kieze kin (lykas bygelyks Menno ter Braak yn 'Politicus zonder Partij', in soarte fan lang útfallen essay). Wadman wit lykwols, dat men mei allinne mar skepsis neat fierder komt. Dat is, wat er op knappe wize foarm jout, eltse kear wer oars: minsken mei té folle twifels moatte dêrfoar hyltyd wer bliede. De ûnderwizer Hindrik Visser yn 'De oerwinning fan Bjinse Houtsma' is hjir gjin útsûndering op.

Gerrit van der Meer

Mar it is ek in fertsjinste: is it libben fan hjoeddedei net foar in grut part karikaturaal? Mei alle radio, televyzje, film, video, literatuur, parse: de wurklikheid komt hjoeddedei yndie mear mei yndirekte kommunikaasje as mei direkt, minsklik kontakt op jin ta.

Dan is der noch wat, dat Leiker neffens my oer de holle sjocht: de symboalyk yn de opbou fan Wadmans wurk. It koarte libben, omspand troch de dea fan it begjin oant de ein. Dat yn dat libben net it wât, mar benammen it hoe foarop stiet, alteast by Wadman, fielt Sjoerd Leiker goed oan. Ik lit him noch ien kear oan it wurd: "Yntegriteit en noarmbesef, sa liket Wadman ús foar to hâlden, binne grif helte better eigenskippen fan de lytse, mislearjende middenstanner as fan de lju dy't maetskiplik aerdich to plak komme." /g.vd.m.

It boek hannelt oer de ûnderwizer *Hindrik Visser*, dy't him net lokkich fielt yn syn houlik. Koart sein, hy kriget syn gerak net. Syn frou *Wypkje* hat gjin sterk gestel; it earste bern ferstoar nei seis dagen, wat har frijwat in knau jûn hat. It twadde, it soantsje *Jisse*, is sadwaande har grutte hâldfêst. Visser kriget sin oan in 'grien' bledsje, benammen de boeredochter *Lutske Westra*, dy't nei 'wylde aventoeren' út'e rânstêd werom kommen is en by Visser yn't sjongkoarke meidocht. Hja is minder grien as Visser sels.

Hy rekket fereale op har en sy ek op him. Mar it doarpke (Flinsum, it wurdt mar ien kêar neamd; Visser is der haad fan in twamansskoalle) hat lykas alle lytse potsjes grutte earen, dat de ferhâlding dy't ûntstiet is gau bekend. Dat is't slimste noch net. It docht bliken, dat de 'ekspediteur' *Bjinse Houtsma* ek in eachje hat op Lutske. Hy freget har âlden sels om tastimming om mei har yn't houliksboatsje te stappen.

Ut Lutske har wurden kin de lêzer opmeitsje, dat hja net fereale is op him, mar wat seit dat? It soe net it earste ferstânshoulik op in lyts doarp wêze. It bringt de haadûnderwizer frijwat yn ûnstjoer. Hoe't it ôfrint, wol ik net ferriede. It soe ôfbrek dwaan oan de spanning, dy't Wadman tige knap opboud yn it boek.

### 'Samar in persoan'

Dochs wol ik noch in pear dingen kwyt. Op'e nij is it in echt 'Wadman-boek', mei

It middelste fan de 25 haadstikken, it trettjinde (!), is net foar neat it sintrale part fan it boek. De titel 'Samar in persoan' slacht fansels net allinnê op de leagen fan Visser oan syn frou Wypkje, dat er fan 'samar in persoan' in lift krige (in leagen, him yn'e mûle lein troch freondinne Lutske, mei wa't er echt riedt). Dy titel slacht ek op haadpersoan sels, dy't by eintsjebeslút tajaan moat, dat de minsken om him hinne mear karakter hawwe as hy. Hy bliuwt de wifelriedige, dy't dêrmei krekt skuld op him laadt.

### Skuldich

Dit téma is ien fan de wichtichste fan Wadman, tinkt my:

It komt yn ferskate fan syn boeken werom. Bygelyks yn 'By de duvel fo bycht' fan 1966, fjouwer jier nei't 'De oerwinning fan Bjinse Houtsma' foar't earst ferskynde. De 'bychtsjende' fint fielt him skuldich oan de moard op in Joadsk gesin (heit, mem en bern fan trije jier), omt er witst dat de Dútsers der efter kommen wiene by hokker boer it gesin ûnderdûkt siet. De man warskôge dy boer net. Hy wachte ôf. De trije Joaden waarden ophelle. Oft se al of net omkamen yn de kampen wit er net, dochts waard er 'straff' mei skuldgefoelens.

Ek yn 'De smearlappen' is it in (jong-)fint, dy't net trochpakt en sadwaande by eintsjebeslút neffens de froulike haadpersoan, ta de smearlappen heart.

Yn it twa jier lyn útkommen boek 'Yn Adams harnas' is it

## Besprek fan '62

*Yn de bibletheek (de Provinsiale, om krêkt te wêzen, oan de Buterhoeke yn Ljouwert) koe ik man ier (!) besprek fine fan de earste útjefte fan 'De oerwinning fan Bjinse Houtsma'. Dat besprek is fan Sjoerd Leiker, al jierren tahâldend oan de oare kant fan de Iselmar.*

*It stiet yn de Tsjerne, it desimber-nûmer fan 1962, op de siden 380 oant en mei 385. Ik haw it der op neislein, nei't ik myn eigen 'besprek' (tusken skrapkes, want ik ha foaral besocht, yn myn eagen wichtige oerienkomsten oan te tsjuten mei oar wurk fan Wadman) al skreaun hie.*

*Sjoerd Leiker wiist - sels romanskriuwer - op in pear, neffens him, minder sterke kanten fan it ûnderhavige boek fan Wadman. Sûnder it sels mooglik folslein te beseffen, jout er fuort in tal algemiene skaaimerken fan Wadman's (roman-)wurk: der sit net sa folle ferhaal yn, it giet mear om de inerlike striid fan de haadpersoan, it oantsjuten fan de tiid der't it yn spilet bart mei (ûnder mear) literaire ferwizingen (Vestdijk, Claus, Arthur Miller) en mei in ferwizing nei in persoanlikheid fan it wite doek: Marilyn Monroe. "It jowt it boek hwat karikaturaels" skriuwt Leiker.*

*Yn earste ynstânsje tinkt men dan: dêr hat Leiker gelyk oan.*